

Wurkgelegenheids- enkête

Ljouwert, maaie 2021

Oan bedriuwen en ynstellingen yn Fryslân

Bygeand ûntfange jo de jierlikse provinsjale wurkgelegenheidsenkête. Dy enkête wurdt nei in grut part fan de Fryske bedriuwen en ynstellingen ferstjoerd. Sa sammelje wy ynformaasje dy't ûnmisber is foar it ekonomysk belied fan provinsje, regio's en gemeenten. Ynsjoch yn de ûntwikkelingen fan bedriuwen en banen is nedich om in byld foar de ekonomyske situaasje foarmje te kinnen.

Utkomst út it ûndersyk fan ferline jier liet sjen dat oant april 2020 de wurkgelegenheid yn Fryslân mei 0,9 % sakke is. Mei-inoar binne der 2.700 banen ferlern gien. Dat folget nei fjouwer jier fan tanimmende wurkgelegenheid. Yn de soarch en ICT rint it tal banen noch wol op mei twa prosint. Yn de yndustry, ferfiersektor en hoareka wie it ferlies fan banen mear as trije prosint. De hannelssektor levere 500 banen yn. It ferlies fan banen kin foar in grut part as effekt fan de koroanakrisis sjoen wurde. De ekstra peildatum fan 1 septimber lit sjen dat yn de simmerperioade it tal banen wer oprûn. Mei troch seizoenynfloeden, mar grif ek troch stipepakketten fan de oerheid en fearkrêft by ûndernimmers en organisaasjes.

Om de ûntwikkeling fan de wurkgelegenheid yn Fryslân folgje te kinnen, freegje wy jo freonlik om ek dit jier ús wurkgelegenheidsenkête yn te foljen. It ynfoljen fan de fragelist freget mar inkele minuten; wy stelle jo mar in pear koarte fragen oer it tal meiwurkers yn jo bedriuw. Binne jo zzp'er, freelancer, oefenje jo in frij berop út, ek dan freegje wy jo dizze enkête yn te foljen.

Sifers oer de Fryske wurkgelegenheid fine jo yn ús digitale databank en arbeidsmerkdashboard. Te finen op www.fryslan.frl/cijfers-kaarten.

Jo kinne de fragelist ek digitaal ynfolje op www.startvragenlijst.nl/fryslan. Jo ynlochgegevens steane op de papieren enkête. Jo kinne dan ek oanjaan dat jo de fragelist tenei mei de mail ûntfange wolle.



Mei freonlike groetnis,

Drs. A.A.M. Brok
Kommissaris fan de Kening
yn de provinsje Fryslân

Wurkgelegenheidsûntwikkeling Provinsje Fryslân 2019-2020

Totaal oantal banen op 1 april

		2019	2020	Groei 2019-2020 abs.	Groei 2019-2020 Fryslân yn %
A	Lânbou en fiskerij	14.280	14.355	75	0,5
BC	Yndustry en grûnstoffewinning	38.885	37.645	-1.240	-3,2
DE	Nutsbedriuwen	2.345	2.190	-155	-6,5
F	Bou	19.305	19.120	-185	-1,0
G	Hannel en reparaasje	49.890	49.375	-515	-1,0
H	Ferfier en opslach	12.320	11.860	-460	-3,8
J	Hoareka	14.950	14.055	-895	-6,0
I	Ynformaasje en kommunikaasje	5.095	5.190	95	1,9
K	Finansjele ynstellingen	6.680	6.590	-90	-1,4
LMN	Saaklike tsjinstferliening	36.690	36.315	-375	-1,0
O	Iepenbier bestjoer en oerheid	14.210	14.205	-5	0,0
P	Underwiis	20.625	20.660	35	0,2
Q	Sûnens- en wolwêzenssoarch	54.890	56.070	1.180	2,1
RSTU	Oare tsjinstferliening	13.245	13.065	-180	-1,3
Totaal		303.410	300.700	-2.710	-0,9

Wurkgelegenheidsregister Fryslân | It wurkgelegenheidsregister (WGR) Fryslân registrearret sûnt 1978 de wurkgelegenheid by bedriuwen en ynstellingen yn Fryslân troch de wei fan in enkête dy't alle jierren wer hâlden wurdt.

Doel fan it WGR | Doel fan it wurkgelegenheidsregister Fryslân is om aktuele, betroubere en detaillearre basisynformaasje oer de wurkgelegenheid fan alle bedriuwen en ynstellingen yn de provinsje Fryslân te krijen.

Foar wa is it WGR bedoeld? | De gegevens binne bedoeld as basis foar it sosjaal-ekonomysk en romtlik belied fan provinsje en gemeenten yn Fryslân. Dêrneist wurde de gegevens brûkt om it arbeidsmerk- en ynvestearringsbelied te stypjen. Ek wurde de wurkgelegenheidssifers brûkt foar ûndersyk en yn publikaasjes op sosjaal-ekonomysk terrein.

Online enkête | It is mooglik de enkête digitaal yn te foljen. Wannear't jo ferline jier fan dy mooglikheid gebrûk makke hawwe, dan hawwe jo fan 't jier in útnûging fia de mail hân. Hawwe jo in papieren enkête krige dan kinne jo de enkête no noch online ynfolje op www.startvragenlijst.nl/fryslan. Jo ynlochgegevens fine jo op de enkête.

Registrearre ynformaasje en faak stelde fragen | Yn it Wurkgelegenheidsregister wurde opslein: namme organi-

saasje, fêstigingsadres, bedriuwsmaskriuwing en tal wurknimmers. Dêrmei kin antwurd jûn wurde op faak stelde fragen lykas:

- Wat is de wurkgelegenheidsûntwikkeling yn de ûnderskate sektoaren oer de ôfrûne jierren?
- Hoe stiet it mei it tal banen op bedriuwsterreinen en kantoarlokaasjes?
- Hoe hat de R&T sektor him nei gemeente sûnt 2000 ûntwikkele?
- Yn hokker gemeenten binne de soarch- en wolwêzensynstellingen sterk fertsjintwurdige?
- Hoe is de wurkgelegenheidsûntwikkeling yn de ûnderskate gemeenten of de streekregio's?

Wurde de gegevens allinne yn de provinsje Fryslân sammele?

Yn Nederlân binne mei-inoar 21 provinsjale en op de regio rjochte registers aktyf. Sy binne ferienige yn de stichting LISA. LISA bondelet de útkomsten ta lanlike sifers. Ynformaasje is te finen op www.lisa.nl of te krijen fia de LISA Projectorganisatie, postbus 597, 7500 AN, Enschede, telefoan 053 – 4825080, e-mail info@lisa.nl.

It WGR Fryslân stiet registrearre by it College Bescherming Persoonsgegevens ûnder nûmer 1157596.

Ynformaasje

**Ynformaasje wurkgelegenheidsenkête/
wurkgelegenheidssifers**

WGR Fryslân, Antwurdnûmer 3269, 8900 VC Ljouwert,
telefoan 058-292 5925, e-mail: wgr@fryslan.nl